

Cees Bijlstra kriget in yntym teatraal earbetoan

Resinsje

👤 Jelte Albada

Wat is bliuwt noait, wat west hat altyd'. Wurden fan de yn 2004 ferstoarne komponist Cees Bijlstra dy't, mei de nei him ferneamde Cees Bijlstra-trein van Arriva, it rinnende motyf binne yn de foarstelling *Taal op it spoar*. In yntym earbetoan mei emosjonele lading.

Leny Dijkstra en Hiske Oosterwijk bringe dit earbetoan oan Cees Bijlstra. Se dogge dat yn in mjoks fan spul en sjongen mei muzyk fan pianist Addy Scheele en fluitist/

akkordeoniste Anke Piersma, wêrby't it fansels foaral giet om muzyk skrean troch Bijlstra. Muzyk en sang spylje de haadrol yn dizze foarstelling. De oergongen dertussen binne linich en mei mylde taalgrapkes oaninoar skreaun troch Leo Dijkstra, dy ek tekenet foar de measte lietteksten.

Leny weaget har in kear oan in treinreis, om krekt te wêzen mei de Cees Bijlstra-trein. Yn dyselde trein binne wy fan Ljouwert nei Bûtenpost reizge en binne we traktearre op hoe de trein in rol spile yn it ferline fan Leny en Leo.

Unwennigens nei Cees Bijlstra, har 'soulmate', set Leny ta dizze reis. Bijlsma hat mei in soad mins-

Se foarmje in moai stel mei syn beiden, it wat muoisume âlde fan Leny en it spontane energike fan Hiske

ken spul hân, mar mei Leny wie dat mar ien kear. Yn in telefoantsje hat hy dat wer bylein: 'Leny, wat juster sein is, is niet gezegd'.

Yn de trein moetet Leny de jonge sjonger Hiske. Se fine út dat Hiske, troch de skoalleradio, ek leafhawwer is fan de muzyk fan Bijlstra. En sa reizgje se pratend en sjongend fierder, se foarmje in moai stel mei syn beiden, it wat muoisume âlde fan Leny en it spontane energike fan Hiske.

It stik is ticht op de werklikheid fan sawol Leny as Hiske skreaun. Dat jout de foarstelling ek in stevige emosjonele lading. Dat makket mei de muzyk fan Bijlstra in moai gehiel fan *Taal op it spoar*. Mar it is tagelyk ek de falkûle. Leny en, wat minder, Hiske, spylje mei de emoasje nei binnen rjochte, en wêr't dat by de lieten goed wurket, smyt it yn it

spyljen ôfstân op. De stap meitsje om de emoasje mear te dielen mei de minsken yn de seal, soe de foarstelling noch sterker meitsje.

En dan is der noch it slot, as Hiske allinne trochreizget en Leny boartet mei it idee dat se stoppet mei teater. Soe dat wier sa wêze, of dochs teater? Ik tink it lêste mar it ûnderskrift by de foarstelling: 'Elke oerienkomst mei de werklikheid is gjin tafal', bringt dochs wer twivel. In yntrigearjend ein.

▶ Taal op it spoar fan Stichting Plankenkoarts, Riedseal, Bûtenpost, 85 besikers (fol). Noch te sjen oant 24 juny op ferskate plakken, www.taalopitspoar.nl